

■ Tekst 1 Oerheidskommunikaasje

- 1p 1 ■ Hokker funksje hat de earste alinea?
- A De earste alinea jout de probleemstelling oan.
 - B De earste alinea jout in gearfetting fan de tekst.
 - C De earste alinea jout yn it foaren de konklúzje fan de tekst.
 - D De earste alinea jout it ûnderwerp fan de tekst oan.

Yn alinea 2 giet it om twa tsjinstellings.

Earst giet it om de tsjinstelling tusken: A en B.

Dêrnei giet it om de tsjinstelling tusken: C en D.

- 2p 2 □ Hokker 4 wurden kinne ynfolle wurde op de plakken dêr't no de letters A, B, C en D steane?

Alinea 2 einiget mei de konstataarring dat it der al mei al in soad fan hat dat der mar wat dien wurdt.

- 2p 3 □ Is dy konstataarring mei it foargeande yn dy alinea goed genôch beärgumintearre? Ljochtsje it antwurd ta *yn heechút 25 wurden*.

- 1p 4 ■ Wêrnei ferwiist it wurd 'Dat' dêr't alinea 3 mei begjint?

It ferwiist nei:

- A de hiele alinea 2.
- B de sin: "Mar in . . . heart, mist." (r. 23-24).
- C de sin: "Yn de . . . fûn wurdt." (r. 24-28).
- D de sin: "It hat . . . dien wurdt." (r. 29-30).

Neffens alinea 3 moat in oerheidsfoarljochter fan hjoed folle mear dwaan as syn foargonger.

- 2p 5 □ Yn hokker opsicht is it wurk fan de hjoeddeiske oerheidsfoarljochter lykwols makliker wurden as dat fan syn foargongers? *Jou it antwurd yn heechút 15 wurden*.
- 2p 6 □ Jou de tsjinstelling oan tusken de taak fan de oerheidsfoarljochter fan earder en dy fan no, sa't dy yn alinea 3 tekene wurdt.

Yn alinea 3 wurdt boarte mei it wurd 'boadskipjonge'.

- 1p 7 □ Meitsje dúdlik yn hokker twa betsjuttings dat wurd tagelyk brûkt wurdt. *Brûk net mear as 20 wurden*.

- 2p 8 □ Lis út om hokker spagaat it giet yn alinea 4. *Brûk net mear as 20 wurden*.

"De sjoernalist set it ommers wol yn de krante" neffens de lêste sin fan alinea 4.

- 1p 9 □ Wat set de sjoernalist yn de krante?

- 1p 10 ■ Wat is it ferbân tusken alinea 4 en 5?

- A oarsaaklik/redenjowend
- B opsomjend
- C tsjinstellend
- D útwreidzjend

- 1p 11 ■ Hokker ynfloed hat de televyzje neffens alinea 5 op de berjochtjouwing oer de polityk?

- A De televyzje jout in ferkeard byld fan it politike nijs.
- B De televyzje liedt de oandacht ôf fan de politike problemen.
- C De televyzje makket de bestjoerders populêr.
- D De televyzje makket de polityk populêr by in grutte groep minsken.

Yn de earste sin fan alinea 6 stiet de passaazje "dat de wierheid ... op syn bêst yn it meartal bestiet".

- 1p 12 □ Wat bedoelt de skriuwer mei dy opmerking? *Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden*.

Eindexamen Fries vwo 2006-I

Yn alinea 6 stiet de bewearing: “De demokrasy kin sa ferwurde ta in manipulaasje fan de boargers troch politisy, kommunikative helpkrêften en net te ferjitten opinyhifkers” (r. 116-119).

2p 13 Is dy ûntjouwing neffens de skriuwer in ûnûntkomber gefolch fan de postmoderne opfetting dat de wierheid net bestiet, of tinkt er dêr oars oer? Ljochtsje it antwurd ta *yn heechút 35 wurden*.

1p 14 Ferklearje yn eigen wurden wat de skriuwer bedoelt mei syn útspraak yn alinea 6 “Imagology hat ... ideology ynnommen” (r. 129-130). *Brûk foar it antwurd net mear as 10 wurden* dêr’t ‘foarm’ en ‘ynhâld’ twa fan útmeitsje.

1p 15 ■ Wat is de funksje fan alinea 7?

A Alinea 7 is bedoeld as opstapke foar de neikommende alinea.
B Alinea 7 is in bewiis foar de neikommende alinea.
C Alinea 7 is in foarbyld by de neikommende alinea.
D Alinea 7 makket it Fryske beliedsplan bespotlik.

Yn alinea 7 wurdt ferteld hoe’t in moderne oerheid heart te kommunisearjen.
Yn alinea 8 komme trije punten fan krityk op de Fryske gong fan saken nei foaren.

1p 16 ■ Hokker trije punten fan krityk binne dat?

A De oerheidskommunikaasje is misliedend, iensidich en net saaklik.
B De oerheidskommunikaasje is net dúdlik, subjektyf en net fan grut belang.
C De oerheidskommunikaasje is net feitlik, persoanlik en te djoer.
D De oerheidskommunikaasje is net fris, net Frysk, en respektleas.

Yn alinea 9 komt de skriuwer ta in konklúzje.

1p 17 ■ Ta hokker konklúzje komt de skriuwer?

A De foarljochters moatte better kontrolearre wurde.
B De foarljochters moatte better oplaate wurde.
C De foarljochters moatte har saakliker opstelle.
D De foarljochters moatte ôfskaft wurde.

It hiele stik troch wurdt der wakker mei Ingelske wurden struid: ‘you get what you pay for’, ‘lifestyle’, ‘28 foot ... Super Stretch Limo’, ensfh.

2p 18 Wêrom wurde hjir gjin gewoane Fryske wurden brûkt?

4p 19 Neam twa ûnderskate foarmen fan subjektyf kleure taalgebrûk dy’t de skriuwer brûkt om syn miening oer te bringen en sitearje by elk twa foarbylden.

1p 20 Sitearje út it tekstpart dat rint fan alinea 7 o/m 9 de sin dy’t as de haadgedachte fan it artikel beskôge wurde kin.

2p 21 Jou yn *ien sin fan heechút 10 wurden* oan wêrom’t de politisy nei alle gedachten de advizen fan Hemminga net opfolgje sille.

4p 22 Jou yn *ffjouwer aparte sinnen* oan wêrom’t de tekst tagelyk ynformearjend, oertsjûgjend, aktivearjend en ferdivedearjend bedoeld is.

■ Tekst 2 Oer en wer mei de wrâld

18p 23 Meitsje in gearfetting fan tekst 2.
Soargje derfoar dat dy gearfetting *net mear as 200 wurden* hat.
Yn de gearfetting komme de neikommende ynformaasje-elementen foar:

- De probleemstelling;
- It positive gefolch fan de globalisearring;
- De negative gefolgen fan de globalisearring;
- De ôfwaging fan de kânsen op sukses foar Fryslân;
- De einkonklúzje.